Liturgy Fryske Tsjerketsjinst Oentsjerk 28 juny 2026

1. **Yntochstliet Ps 84: 1 en 2: Hoe leaflik is jo hûs, o Hear**

   1 Hoe leaflik is jo hûs, o Hear,
   de wenning dêr't jo namme klear
   ta klinken komt foar alle minsken.
   Noait giet de langstme by my wei,
   dat ik dêr komme_en sjonge mei.
   Wat soe my boppe dream en winsken
   noch leaver wêze_as dêr te stean,
   om ta jo libben yn te gean?

   2 It heil dat oer jo wente leit
   jout alle libben feilichheid,
   de fûgels fine dêr har nêsten.
   De swellen fleane út en yn,
   de mosken wenje boppe 't bynt,
   hja hawwe_in honk om út te rêsten.
   Ik haw in honk yn Gods paleis:
   o, dêr te sjongen nachts en deis.

2. **Groetnis en bemoediging**

3. **Drompelgebet**

4. **Taljochting fan it tema fannemoarn:**
   Yn de wierheid fan God fine wy elkoar

5. **Psalm(liet) 62: 1,6 en 8. Myn siel is ta de Heare stil**

   1 Myn siel is ta de Heare stil.
   Ik wachtsje dim men op Gods wil,
   Hy mei myn heil, myn ta flecht hjitte,
   de stien rots dêr't myn hûs op stiet,
   de berch dy't wankelet noch fergiet;
   'k sil fan gjin fal noch wifkjen witte.

6 Wat is de minske? Neat mei neat.
De grutte lju fan stân en steat,
hja hingje gear fan skyn en leagen.
As God har op syn skealjes set
gean hja omheech en hâlde ’t net;
de minske_is idel yn Gods eagen.

8 God spriek ien ding, ’k ferjit it net,
ik haw it twaris fan Him heard:
oer alles hat Hy te gebieden.
Mar Jo binne_ek genedich, Hear,
en stean mei jo befrijing klear.
Jo jouwe in elk al nei syn dieden

6. **Gebet fan ûntfermjen**
   Wij bidde Jo: Hear ûntfermje Jo

7. **Liet 852: 1, 2, 3 en 4 Jo binne leave God sa nederich tichteby**

1 Jo binne, leave God,
sa nederich tichteby,
yn dagen fan gemis
en soarch fine Jo my.

2 Jo komme_yn ’t tsjuster del,
Jo diele al myn leed,
allike deadlik drôf
as minsken yn har need,

3 in man fan smerten dy’t
op ierde falt en skriemt,
in lotgenoat, in freon –
in Hear dy’t mei my giet.

4 Ik bid Jo, lit it ljocht
dat trochbriek yn jo smert,
it bliere peaskeljocht,
ek daagje yn myn hert.

8. **Tsjinst fan it Wurd, Gebet.**

9. **1e Bibellêzing: 3e Brief fan Johannes**

10. Liet 275: 1 en 5 O Hear, ús Hear hoe nei is jo namme

1 O Hear, ús Hear, hoe nei is jo namme,
net út te sprekken sa tichtby.
Jo binne altyd mei ús dwaande,
ûnder jo wjukken rêste wy.

5 O Hear, ús Hear, hoe nei is jo namme
foar minsken oer de ierde tein.
Bliuw sa genedich mei ús dwaande
en meitsje ús yn Jo folslein.

11. 2e Bibellêzing Matteus 18: 1-5

12. Liet 1010: 1 en 4. Hear wol frede skinke

1 O Hear, wol frede skinke,
de wrâld is yn gefjocht.
Hoe moai de wurden klinke,
de sterkste nimt it rjocht.
It ûnrjocht slacht op ierde
rûnom foar master op,
ferlern giet elke wearde,
o Heare, hear ús rop.

4 O Hear, wol frede skinke,
bekear ús fûle hert.
Lit ús jo leafde_oertinke
en brek ús blyn ferset.
Lit mûle_en hân har foegje
nei jo gerjochtichheid
en fan jo frede tsjûgje:
dy frede wint it pleit.

13. Ferkundiging: tema:
Yn de wierheid fan God fine wy elkoar
1e Diotréfes hat syn eigen wierheid
2e Gajus libbet yn Gods wierheid
3e Us wierheid is net altyd Gods wierheid

14. Liet 990: 1,2, 4 en 6 De lêsten wurde de earsten

1 De lêsten wurde de earsten,
dy't knibbele krijt in troan,
de feinten meie hearskje,
de tsjinner hjit no soan.

2 O Hear, Jo binne de_earstberne
fan elkenien út 'e dea;
Jo sykje it ferlerne,
it libben nimt in kear.

4 Dy't har de heechsten tochten,
dy slacht syn oardiel del;
de bergen wurde sljochte,
de see heart syn befel.

6 De lêsten wurde de earsten,
dy't knibbele, krijt in troan,
dy't slaaf wie, mei no hearskje,
de frjemdling hjit no soan.

15. Tankgebet

16. Stilgebet

17. God fan fier en hein ús Heit (sjonge) (Onze Vader)

1. God fan fier en hein ús Heit,
dat wy hilligje jo namme,
ûnder ús sa faak ûntwijd,
troch jo eigen bern beskamme.

2. Bûch de folken nei jo wet,
lit jo ryk op ierde komme.
Byn jo wil ús op it hert
en wy sykhelje ferromme.

3. Jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou wat wy misdiene,
sa't ek wy ferjûn ha, Hear,
al dy't skuldich foar ús stiene.

4. Lit oer ús gjin neare nacht,
lied ús net yn blyn begearen.
Binne wy yn duvels macht,
Hear, ferlos ús fan 'e kweade.

5. God fan fier en hein ús Heit,
wûnder heimnis is jo namme,
grut yn krêft en hearlikheid,
oant yn alle tiden. Amen

18. **Kollektes**

19. **Slotliet: liet 416: 1,2, 3 en 4.**
Hear wês mei ús oant in oare kear

1 Hear, wês mei ús oant in oare kear,
wol oant wersjen oer ús weitsje,
lit gjin kwea ús rigen reitsje.
Hear, wês mei ús oant in oare kear.

2 Hear, wês mei ús oant in oare kear,
wol ús mei jo wjukken hoedzje,
stypje as de stoarmen woedzje.
Hear, wês mei ús oant in oare kear.

3 Hear, wês mei ús oant in oare kear,
wol de wegen foar ús sljochtsje,
ús net nei ús sûnden rjochtsje.
Hear, wês mei ús oant in oare kear.

4 Hear, wês mei ús oant in oare kear,
as wy wurch en warleas binne,
lit ús dan troch Jo oerwinne.
Hear, wês mei ús oant in oare kear.

20. **De segen wurdt útsprútsen**